

De woeste hichten

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 446 3

1e printing 2022

© Emily Brontë

© Oersetting: Geart fan der Mear

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 – 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch
de provinsje Fryslân

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/
of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder
foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written
permission from the translator and the publisher.

De woeste hichten

Emily Brontë

Oersetting: Geart fan der Mear



HAADSTIK I

1801 – Ik bin krekt werom fan in besite oan myn húsbaas – de iennige buorman dêr't ik lêst fan ha sil. Wat is dit toch in prachtige streek! Ik leau suver dat ik nergens yn Ingelân in plakje fine kinnen hie dat sa frij is fan alle drokte fan de minskewrâld. Gewoan in himel foar de minskehater – en de hear Heathcliff en iksels binne krekt it span om tusken ús beiden dy ferlittenens te delen. In treflike keardel. Hij hie der gjin idee fan hoe't myn hart nei him útgong doe't ik syn swarte eagen ûnder syn winkbrauwen sa erchtinkend yn harsels nei binnen kearen seach wylst ik der oanriden kaam, en bij it sizzen fan myn namme syn fingers mei in waaksume berettens noch fierder yn syn festje ferskûl sochten.

'Menear Heathcliff?' sei ik.

In knikje wie it antwurd.

'Lockwood, jo nije hierder, menear. Ik achtsje it in eare om sa gau mooglik nei myn oankomst de hoop út te sprekken dat ik jo troch myn fêsthâldendheid net ûntrúfd haw bij myn winsk om op de Lysterpleats wenje te meien. Ik hearde juster noch dat jo deroan tochten ...'

'Dy Lysterpleats is fan mij, menear,' ûnderbruts er mij, en hij ferluts syn gesicht even. 'Ik stean gjinien ta om mij te ûntriven, as ik dat net wol – kom der yn!'

Dat 'kom der yn' waard sein mei de kaken stiif opinoar, en drukte it gefoel út fan 'rin nei de duvel!' Sels de hikke dêr't er oerhinne hong wjerspreek syn wurden finaal, en ik wol leauwe dat dy omstandichheden mij derta brocht hawwe om dy útnûging oan te nimmen: ik krige niget oan dy man, dy't op oerdreaune manier noch mear selskipsskou wie as iksels.

Doe't er fernaam dat it boarst fan myn hynder suver tsjin de hikke oan stie te triuwen stuts er toch wol de hân út om dy los te heakjen, en hij gong mij noartsk foar de reed op, en rôp bij ús komst op it binnenplak 'Joseph, nim it hynder fan Lockwood even mei, en bring ús wat wyn.'

'Hjir ha we dan al it personiel, ferûnderstel ik,' tocht ik nei oanlieding fan dy dûbelde opdracht. 'Gjin wûnder dan dat it gers tusken de tegels groeit, en dat it fee de iennige hageknippers binne.'

Joseph wie in âldachtige, om krekt te wêzen in âlde, heel âlde man, al wie er sûn en pezich. 'De Heare stean ús bij!' sei er op sachte wrantelige

toan tsjin himsels doe't er it hynder fan mij oernaam, en dêrbij seach er mij sa soer oan dat ik mar sa goed wie om te ûnderstellen dat er ferlet fan godlike stipe hie om syn iten te fertarren, en dat syn frome útrop neat mei myn ûnferwachte komst te meitsjen hie.

De Woeste Hichten, sa hjit Heathcliff syn wenplak, sa neamd fanwege it feit dat it der hjir omraak útnaaië kin as it fûl stoarmet. It moat dêr altyd knap fris en sigerich wêze: men kin oan de bûtenspoarich skeve stân fan in stikmannich spjirren nêst it hûs en oan in rychje suterige strûkjies mei alle tûken ien kant út wol de kracht fan de noardewyn riede, as smeken se de sinne in jelmis ôf. Gelokkich hie de arsjitekt de foarútsjende blik hân om it stevich te bouwen: de smelle ruten binne djip yn de muorren set en de hoeken binne fersterke mei grouwe útstekkende stiennen.

Foardat ik oer de drompel stapte stie ik even stil om in oantal nuveraardige útsnijde figueren oan de foarkant te bewûnderjen, en yn it bysûnder om de foardoar hinne, dêr't ik oan de boppekant tusken in ûngeregelde samling ferware griffioenen en skamteloaze lytse jonkjes it jiertal '1500' gewaar waard, en de namme 'Hareton Earnshaw.' Ik hie in pear opmerkingen meitsje wollen en graach fan de grimmitige eigener in koarte skiednis fan dat plak heard, mar syn hâlding bij de doar like mij te hjitten om der daalk yn te kommen, of om oars mar finaal op te hoepeljen, en ik wie net fan doel om syn ûngeduld noch fierder te niteljen foardat ik it binnenst ynspakteard hie.

Wij stienen daalk yn ien kear yn de wenkeamer, sûnder portaal of gonkje: dat neame se hjir almeast 'it hûs'. Dêr hearre oer it algemien de keuken en de salon ek bij, mar ik leau dat yn De Woeste Hichten de keuken helendal nei in oare hoeke ferballe is: ik fernaam teminsten ergens yn it binnenst gepraat en it ratteljen fan potten en pannen, en ik waard om de ûnbidige hurd hinne gjin bewizen gewaar fan roasterjen, koaitsjen of bakken, en oan de muorren ek gjin geskitter fan koperen sturtpannen en tinnen gatsjepannen. Mar oan ien kant waarden it ljocht en de waarmte wol prachtich wjerkeatst op rigen ûnbidige boarden, mei dêrtrochhinne sulveren kannen en drinkkroezen, de iene rige boppe de oare, op in grutte swiere iken kast, helendal oan de solder ta. Dy kast hie oan de foarkant noait ticht timmere west: dy syn hele anatomy lei foar in nijsgjirrich each iepen en bleat, útsein dêr't in houten blêd folladen mei hjouwerkoeken en grouwe hompen kofleis, skiepfleis en skinke it sicht dêrop benaam. Boppe de skoarstien hongen ferskillende âlde kringen fan gewearen, en in stel hynstepistoalen, en der stienen as fersiering trije felkleurige bussen op de râne. De flier wie fan glêde wite

stien, de primitive stuollen mei hege rêgen wienen grien opferve, en yn it healtsjuster stienen noch heal sichtber in stik as wat swarte. Under de wulvjende ûnderkant fan de kast lei in grutte leverkleurige jachthûn, in teef, mei om har hinne in keppel jankende jongen, en yn oare hoeken en hernen húsmannen noch oare hûnen.

Dat fertrek en dy meubels hienen neat bûtenwenstichs west, as dy fan in gewoane boer yn it noarden west hienen, mei in stiifkoppich gesicht en stevige skonken, dy't op it foardelichst útkamen yn in knibbelbroek en hoazzen. Sa'nien, yn syn leunstoel sittend mei syn glês skomjend bier foar him op de rûne tafel, sjucht men yn in omtrek fan sa'n seis myl rûnom yn dy heuvels, as jo dêr nei iten op de krechte tiid hinne gean. Mar Heathcliff is in singeliere útsûndering, wat syn hûs en syn manier fan libjen oangiet. It is fan útsjuch in donkerkleurige sigeuner, in hear sa't er klaaid is en hoe't er docht: dat wol sizze, likefolle in hear as mannich plattelânsjonker; wat ûnfersoarge miskien, mar der toch nettsjinsteande syn ûnferskilligens op dat gebiet net ûnoannimlik útsjend, want it is in goed útsjend en kreas man, en wat stjoersk. Mooglik dat sommigen him fertinke fan ûnmanierlike grutskens, mar der is wat yn mij dat him wol oanfjilt en seit dat soks absolút net it gefal is: ik wit ynstinktyf dat syn ôfstandlikens fuortkomt út in wjersin yn in al te bylkerich fertoan fan gefoel – yn it toanen fan freonlikheid tsjin in oar. Hij bemint en hatet sûnder yn beide gefallen wat fernimme te litten, en beskôget it as in gefal fan ûnbeskamsumens om op syn beurt bemind of hate te wurden. Nee, no draaf ik troch: ik skriuw no myn eigen eigenskippen te frijlik oan him ta. Heathcliff hat miskien wol folslein ûngelikenze redenen as iksels ha om syn hân achter de rêch te hâlden as er in mooglike kunde treft. Lit mij hoopje dat myn aard suver hast útsûnderlik is: myn dierbere mem plichte te sizzen dat ik noait in komfortabel hûs krije soe, en de ôfrûne simmer haw ik noch bewiisd dat ik absolút net sa'n hûs fertsjinne hie.

Doe't ik geniete fan in moanne prachtich waar oan see trof ik in aldersjarmantst skepseltsje, in echte goadinne yn myn eagen, sa lang't sij mij net opmurk. Ik drukte myn leafde noait yn wurden út, mar as bliken wat betsjutte, dan hie sels de grutste idioat wol riede kinnen dat ik smoarlik fereale wie – sij begriep mij allinkenoan wol, en seach mij ek oan – de leafste blik dy't jo jo mar foarstelle kinne. En wat die ik? Ik skamje mij om it te bekennen: ik luts mij yn mijsels werom, as in slak. Bij elke blik fan har waard ik koeler en ôfstandliker, oant it earm skepsel op it lêst har eigen sintugen net mear fertroude, en sij yn grutte betizing oer har ûndersteld fersin har mem oerhelle om ergens oars hinne te gean.

Troch dy nuvere hâlding fan mij haw ik de reputaasje krigen fan opsetlike ûngefoeligens; en hoe ûnfertsjinne dat is kin ik allinne mar begripe.

Ik gong oan de ein fan de hurdstien op in stoel sitten tsjinoer de stoel dêr't myn húsbaas hinne stapte, en fulde in momint fan stilte op mei in besykjen om de hûnemem te aaien dy't har kreamkeamer ferlitten hie en op wolfachtige manier achter mij om op myn kûten taslûpte, en mei de slobberjende wite tosken bleat op in hap longere. Myn streakjen lokke in lang oanholden grânzgjen út, djip út de kiel wei.

'Jo kinne dy hûn mar better gewurde litte,' grânzge Heathcliff ek yn koar, wylst er mei in traap fan syn foet in ein oan noch woestere uteringen makke. 'Dy is der net oan wend om oanhelle te wurden – it is gjin skoathûtsje.' Doe, nei in doar oan de sydkant tarinnend, rôp er opnij 'Joseph!'

Joseph mompele yn de djipste fan de kelder wat ûnfersteanbers, mar jûch gjin bliken fan omheechkommen, dat de baas dûkte nei ûnderen nei him ta, en liet mij allinne mei dy aggressive teef en in span hierrige skieppenhûnen, dy't lykas sij al myn bewegingen skerp yn it fizier holden. Net happich om yn kontakt mei har tosken te kommen bleau ik stil sitten, mar mij foarstellend dat sij amper wurdloaze beledigingen begripe soenen, jûch ik mij ûngelokkigerwize oer oan in spultsje fan knypeagjen en fan brike bekken nei dat trio te lûken, en ien fan dy maneuveld fan myn gesicht irritearde mefrou sadanich dat se ynienen woest waard en mij op de knibbels sprong. Ik raamde har fuort, en stapte hastich achter de tafel. Dy aksje sette de hele boel op stelten: sa'n fiif-seis fan dy fjouwerpoatige rakkerts, fan ferskillend formaat en âldens, kamen út ferburgen hoeken en hernen tefoarskyn nei it midden fan de keamer. Ik fernaam dat yn it bysûnder myn hakken en jasflappen it omtinken fan dy oanfal krigen, en mei de poker de gruttere oanfallers sa effektyf mooglik fan mij ôfhâldend wie ik wol twongen om lûd om de assistinsje fan ien fan it folk dêr te freegjen om de frede wer te herstellen.

Heathcliff en syn feint klommen ergerlik ûnferskillich bij de keldertrep op. Ik leau net dat sij ek mar ien tel hurder as oars oan de achterste foet lutsen, al wie it iepen hurdplak ien en al fûleindich biten en gefef. Gelokkich makke in bewenner fan de keuken mear regaad. In gewant frommis, mei omheechlutsen japon, bleate earms, en fjoerread oanrûne wangen, stode swaaiend mei in briedpanne op ús ôf en brûkte dy en har tonge as wapen sa effektyf dat dy stoarm op magise wize belune, en sij as iennige oerbleau, mei weagjend boarst lykas de see nei in stoarm, doe't har baas wer op it toaniel ferskynde.

‘Wat duvel is hjir te rêden?’ frege er, mij oansjend op in manier dy’t ik nei syn ûngastfrije behandeling mar min ferneare koe.

‘Ja, wat duvel noch ta!’ mompele ik. ‘Dy keppel bibelse beseten bargaen kinne troch gjin gemener geasten tamtearre west hawwe as dy beesten fan jo, menear. Jo kinne in frjemdling likegoed bij in nêst tigers achterlitten!’

‘Dy dogge niks mei minsken dy’t niks oanreitsje,’ murk er op, de flesse foar mij delsettend en de tafel wer teplak skowend. ‘Dy hûnen ha gelyk dat se wach binne. In glês wyn?’

‘Nee, leaver net.’

‘Toch net biten?’

‘As dat wol sa west hie, dan hie ik myn hantekening wol op de biter achterlitten.’ Heathcliff syn gesicht ûntspande him ta in gnyskjen.

‘Kom, kom,’ sei er, ‘jo binne wat fan it sintrum, menear Lockwood. Hjir, nim wat wyn. Wij ûntfange hjir yn dit hûs sa uterst selden gasten dat ik en myn hûnen, jou ik graach ta, amper witte hoe dy te ûntfangen. Op jo sûnens dan mar, menear?’

Ik makke in bûging en die itselde, want ik begûn te beseffen dat it healwiis wêze soe om oer it wangedrach fan in troep hûnen te stûmjien. Boppedat hie ik der gjin nocht oan om dy keardel te’n koste fan mijsels noch mear fermaak te gunnen, omdat er dêr aardichheid oan like te krijen. Nei alle gedachten dreun troch ferstandich neitinken oer it dwaze fan it op stang jeien fan in goede hierder waard er wat gemoedliker en ûntspander yn syn taal, en hij begûn te praten oer wat er ûnderstelde in nijsgjirrich ûnderwerp foar mij te wêzen – in petear oer de foar- en neidelen fan myn tsjintwurdige taflechtsoarde. Ik ûntduts dat er dêr o sa besteklik oer prate koe, en foardat ik nei hûs ta gong krige ik der suver sin oan om moarn noch in kear komme te wollen. It wie wol dúdlik dat hij der sels niks foar fjilde dat ik noch in kear bij him binnenfalle soe. Toch doch ik dat. It is ferbjusterjend hoe selskipsswiet ik mijsels fjil ferlike mei him.

HAADSTIK II

Justermiddei begûn dizich en kâld. Ik hie der suver mear sin oan om dy tiid nêst it fjoer yn de studearkeamer troch te bringen yn pleats fan troch heide en slyk nei De Woeste Hichten te peazgjen. Doe't ik lykwols nei it middeisiten omheech rûn (N.B. ik waarmyt tusken tolven en ienen; de húshâldster, in bazige dame, dy't as meubelstik bij it hûs heart, koe of woe myn fersyk om om fiif oere betsjinne te wurden net begripe) – doe't ik dus de trep oprûn mei it plan om loai te wêzen, en de keamer ynstapte, waard ik in famke gewaar dat op knibbels mei fegers en koalekitten om har hinne, en in grouwélige stofwolk feroarsaakjend, de flammen mei in bulte sintels oan it útdoovjen wie. Dat toanieltsje dreau mij daalk tebek; ik pakte myn hoed en nei in kuier fan fjouwer myl stie ik krekt op tiid om oan de earste fine snieflokken fan in sniebuoi te ûntsnappen bij it túnstekje fan Heathcliff.

Op dy keale heuveltop wie de grûn swart en hurd beferzen, en de lucht makke dat ik dêr oer de hele lea stie te rydboskjen. Omdat ik it ketting net loskrije koe sprong ik der mar oerhinne en nei de betegele reed oprûn te wêzen mei hjir en dêr krúsbeibeamkes dernêst kloppe ik om 'e nocht op de doar, oant mij de knokkels tûkeren en de hûnen begûnen te janken.

'Jim ferhipte bewenners!' rôp ik yn mijsels út, 'jimme fertsjinje it om fanwege jim lompe ûngastfrijens foar ivich fan jim soarte ôfsnijd te wurden. Teminsten, ik soe myn doarren oerdeis net sa tichthâlde. Kin mij niks skille – ik wol deryn!' Dat ik pakte beret de klink en rattele dêr woest mei. Joseph stuts syn jittiktoet út in rûn skuorrerútsje.

'Wat moatt' jo hjir?' rôp er. 'De baas is yn de skieppekoai. Rin om de skuorre hinne as jo mei him prate wolle.'

'Is der gjinien om de doar iepen te dwaan?' rôp ik as antwurd.

'Allinnich de bazin, en dy docht de doar net iepen, ek al meitsje jo oan de jûn ta dat alderferskuorrendst kabaal.'

'Hoe dat sa? Kinne jo har net sizze wa't ik bin, dan, Joseph?'

'Ikke net. Ik wol dêr gjin reet mei te meitsjen hawwe,' mompele dy holle, en fuort wie er.

De snie begûn no tsjok te fallen. Ik pakte de doarklink om nochris te prebearjen om deryn te kommen, doe't der op it hiem achter mij in jongkeardel ferskynde, sûnder jas oan en mei in gripe oer it skouder. Hij

rôp nei mij om him te folgjen, en nei troch in spjilplak en befluorre romte mei in koalehok, pomp en dowetil rûn te wêzen, bedarren we lang om let yn de grutte waarme en fleurige romte dêr't ik al earder ûntfongen west hie. It wie dêr o sa noflik toevjen yn it ljocht fan in ûnbidich grut fjoer fan stienkoal, turf en hout, en bij de tafel mei dêrop in oerdiedich jûnmiel hie ik de eare om de 'bazin' te sjen, in persoan dêr't ik it bestean fan noch net earder fermoede hie. Ik makke in bûginkje en ferwachte dat se mij útnûgje soe om sitten te gean. Se seach mij achteroerhingjend op har stoel oan, makke gjin inkelde beweging en sei neat.

'Unlijich waar,' murk ik op. 'Ik bin bang, frou Heathcliff, dat de doar de gefolgen fertoant fan de net al te grutte oandacht fan jo personeel: it hat mij heel wat ynspanning koste om har mij hearre te litten.'

Se die net iens de mûle iepen. Ik stoarre har oan – en sij mij ek, teminsten, se rjuchte op koele achteloaze manier har eagen op mij, lang net noflik en o sa ûnoangenaam.

'Gean sitten,' sei de jongeman, batsk. 'Hij komt deroan.'

Ik die wat er sei, en kuchte even, en sei wat tsjin dat kring fan in Juno, dy't bij dy twadde kennismakking sa goed wie en beweech de uterste punt fan har sturt, as bewiis dat se mij koe.

'In prachtich beest!' begûn ik opnij. 'Binne jo fan doel om de jongen kwynt te wurden, mefrou?'

'Dy binne net fan mij,' sei dy alleraardige gastfrou, noch stûfer as Heathcliff sels antwurdzje kinnen hie.

'Aha, jo ha dy leaver?' ferfette ik, mij omdraaiend nei soks as in kessen fol mei wat dat op katten like.

Ungelokkich genôch wie dat in bulstje deade kninen. Ik kuchte noch in kear en skikte wat nei it fjoer ta, ûnderwilens myn kommentaar oer de ûnlijigens fan de jûn herheljend.

'Jo hienen net nei bûten gean moatten,' sei se, oereingead en nei twa fan de beskildere bussen op de skoarstienmantel rikkend.

Oant doe ta hie se net yn it folle ljocht sitten – no koe ik dúdlik har hele stal en gesicht sjen. It wie in slanke ferskinning, en sa't skynt noch mar amper folgroeid: o sa kant fan lea, en mei it meast fynbesniene gesichtsje dat ik oait it plezier hân hie om te sjen; fynboud, o sa blond; mei flaaskleurige of earder gouden krulstjes, dy't har losjes oer de slanke hals foelen; en eagen dy't, as dy freonlik sjoen hienen, ûnwjersteanber west hienen. Gelokkich mar foar myn gefoelich hart wie it iennich sentimint dat dêryn te lêzen stie wat dat tusken minachting en in soarte fan wanhoop yn hong, wat bûtenwenstich ûnnatuerlik wie om dêr te ûntdekken. Dy bussen koe

se mar amper bij; ik makke in beweging om har te helpen. Se reagearde tsjin mij op de manier sa't in nepert dwaan kinnen hie as der ien west hie dy't besocht om him bij it tellen fan syn goud te helpen.

'Ik ha gjin ferlet fan jo help,' snorre se. 'Ik kin se sels wol pakke.'

'Nim mij net kwea!' sei ik hastich.

'Wienen jo op it jûnsiten nûge?' woe se witte, in skelk oer har netsjese swarte japon strûpend, wylst se in leppelfol tee boppe de pot hold.

'Ik drink graach in kopke mei,' antwurde ik.

'Wienen jo nûge?' sei se nochris.

'Nee,' sei ik, heal en heal glimkjend. 'Jo binne de gaadlike persoan om mij dat te freegjen.'

Se smiet de tee werom, mei leppeltsje en al, en gong stúmjend wer op har stoel sitten, har foarholle yn tearen lûkend, en mei har reade ûnderlippe nei foaren stutsen, as in bern, op it punt om yn gûlen út te barsten.

Undertusken hie de jongeman in frijwat grûzige jas oanlutsen en himsels foar it gleone fjoer útrekkend seach er út de hichte wei út de eachshoeken op mij del, net oars as wie der noch de ien of oare fete tusken ús dy't noch besljuchte wurde moast. Ik begûn te betwiveljen oft er no wol bij it personiel hearde of net: syn klean en taal wienen beide rûch, folslein frij fan de superieurens dy't bij de hear en mefrou Heathcliff te fernimmen wie; syn swiere brune krullen wienen net goed kjimd en ûnfersoarge, syn snor groeide lomp oer syn wang hinne, en syn hannen wienen brúnferbrând as fan in sljuchtwei arbeider; toch wie syn hâlding frij, suver heechhartich, en men seach bij him neat fan de iver fan in personielslid foar syn mefrou. Fanwege de ôfwêzichheid fan bewizen fan syn steat like it mij de baas ta om mar gjin acht op syn nuver hâlden en dragen te slaan. En fiif minuten letter ferlost it binnenkommen fan Heathcliff mij yn seker opsicht fan it ûngemaklike fan myn tastân.

'Jo sjugge, menear, hjir bin ik dan, neffens myn belofte!' rôp ik, o sa fleurich dwaand. 'En ik freezje dat ik it kommend healoere fanwege it waar it hûs net út kinne sil, as jo mij sa lang ûnderdak ferskaffe kinne.'

'In healoere?' sei er, de witte flokken fan syn klean skodzjend. 'Ik bin ferbaasd dat jo in swiere sniebuoi útsocht hawwe om yn om te swalkjen. Witt' jo wol dat jo it risiko rinne om yn de sompen te ferdwalen? It folk dat dizze heidefjilden ken rakkert op sokke jûnen ek gauris it paad bjuster, en ik kin jo wol fersekerje dat der op dit momint gjin kâns op feroaring is.'

'Miskien kin ien fan jo arbeiders mij dan bringe, dy't dan oan moarn ta op de Lysterpleats bliuwe kin – as jo ien misse kinne?'

'Nee, dat kin ik net.'

‘O, no sa. Goed, dan moat ik op myn eigen skrandereid fertrouwe.’
‘Hmmm.’

‘Setst dy tee no nochris in kear?’ easke hij fan de suterige jas, en hij seach no net mear grimmitich nei mij, mar nei de jongedame.

‘Moat *hij* dan ek mei-ite?’ frege se, nei Heathcliff sjend.

‘Set it iten klear, do,’ wie it antwurd, har sa batsk tasnaud, dat ik derfan skrok. De toan dêr’t dat op sein waard liet in echt kwea-aardich karakter sjen. Ik hie net langer de oanstriid om Heathcliff in fidele keardel te neamen. Doe’t alles klearset wie nûge er mij út mei de wurden, ‘No menear, sko de stoel mar oan.’ En we skikten mei ús allen, mei ynbegryp fan de boerachtige jongfeint, om de tafel hinne. Der hearske in sobere stilte bij ús miel.

Ik tocht dat as ik de oarsaak fan dy tsjustere wolk wie, dat it dan myn plicht wie om dy te ferdriuwen. Sij koenen dêr net alle dagen sa grimmitich en swijsum sitte; en it wie ûnmooglik, hoe’n min sin se ek hienen, dat de algemiene soere blik op har gesichten dy fan elke dei wie.

‘It is frjemd,’ sa begûn ik, tusken it drinken fan ien kop tee en it oankrijen fan in oar kopfol yn, ‘it is frjemd hoe’t de gewoante ús smaak en ideeën bepaalt: mannichien fan ús kin him net foarstelle dat men gelokkich wêze kin yn in libben dat sa folslein fan de wrâld ôfsnijd is as dat fan jo, menear Heathcliff. Toch, doar ik te stellen dat sa mei jo gesin om jo hinne en mei jo ynnimmende dame oan it haad fan jo hûs en hurd ...’

‘Myn ynnimmende dame!’ ûnderbriek er mij, mei in suver duvels gnyskjen op syn gesicht. ‘Wêr is dy dan – myn ynnimmende dame?’

‘Frou Heathcliff, jo frou, bedoel ik.’

‘O, jawis – jo wolle der dus op út dat har geast de taak op him nommen hat fan dy fan in hoedzjende ingel dy’t it gelok fan de Woeste Hichten hoedet, sels as har lichem al fuort is. Is dat wat jo bedoele?’

Myn stommiteit fernimmend besocht ik dy wer yn ’t lyk te breidzjen. Ik hie sjen kinnen dat der in te grut ferskil yn de âldens fan dy twa wie om it wierskynlik te meitsjen dat se man en frou wienen. De ien wie omtrint fjirtich: in tiid fan geastlike fitaliteit dat men jin seldom wiismakket dat famkes út leafde mei jo trouwe – dy droom is foarbeholden oan de treast fan ús lêste jierren. De oar wie sa te sjen noch net ienris santjin.

Doe dage it mij ynienen – ‘Dy hurk nêst mij, dy’t syn tee út in kom sloarpet en sûnder de hannen wosken te hawwen syn bôle yt, dat sil dan wol har man wêze; de Heathcliff junior fansels. Dêr hawwe we no it gefolch fan libben begroeven te wêzen: se hat harsels út klearbare ûnwittendheid dat der bettere manlju bestienen oan dy hufter weismiten!

Wat in treurich gefal – ik moat oppasse dat ik har dy keus net betreurje lit.’ Dy lêste gedachte liket miskien wol eigenwiis; mar wie dat net. Myn buorman kaam mij foar as ien dêr’t men suver in ôfgriis fan krije soe. Ik wist út de ûnderfining dat ik der sels reedlik kreas útseach.

‘Frou Heathcliff is myn skoandochter,’ sei Heathcliff, as befestiging fan myn fermoeden. Hij smiet bij dy wurden in frjemdaardige blik yn har rjuchting: ien fan haat, of it moast al sa wêze dat er in stel tsjinnatuerlike gesichtsspieren hat dy’t net, lykas bij gewoane minsken, de taal fan syn siele werjouwe.

‘Aha, no sjuch ik it – jo binne de gelokkige besitter fan dy goede fee,’ murk ik op, mij nei myn buorman omdraaiend.

Dat wie noch slimmer as dêrfoar: de jongkeardel krige in fjoerreade kleur, en rôle de fûst, en it hie der alles fan dat er mij in oplawibus ferkeapje woe. Mar hij like himsels al wer gau te bedimjen. Hij besmoarde syn drift yn in grouwélige flok, oan mij rjuchte, wat ik lykwols mei soarch negearde.

‘Jo binne wat ûngelokkich yn jo fermoedens, menear,’ murk myn gasthear op. ‘Wij ha beide net it privileezje fan it besit fan jo goede fee. Har man is dea. Ik sei dat sij myn skoandochter wie, dat sij moat myn soan troud hawwe.’

‘En dizze jongeman is ...’

‘Seker net myn soan.’

Heathcliff moast wer glimkje, krekt as wie it in te dryste grap om dy hurk syn soan te neamen.

‘Ik hjit fan Hareton Earnshaw,’ grânzge de oar, ‘en ik ried jo oan om dat te respektearen!’

‘Dat haw ik toch dien,’ wie myn antwurd, en ik moast ynwindich laitsje om de weardichheid wêrmei’t er himsels sa foarstelde.

Hij stoarre mij langer oan as ik beäntwurdzje woe, freezjend dat ik derta ferlieden wurde koe òf om him in draai om de earen te jaan òf om lûdop yn laitsjen út te barsten. Ik begûn mij ûnmiskenber yn dy noflike famyljerûnte net op myn plak te fjillen. De treasteloaze sfear dêr wie sterker as de hearlike waarmte om mij hinne, en neutralisearde dy finaal, en ik besleat om hoeden te wêzen bij hoe’t ik foar de tredde kear wat weage te sizzen ûnder dy hoannebalken.

Doe’t it iten behimmele wie en gjinien ien wurd as gesellich neipetear sei, stapte ik nei in rût om it waar te skôgjen. Wat ik seach wie net al te bêst: it wie al betiid tsjuster oan it wurden en de loft en de heuvels

wienen yn ien grimeljen fan pûsterige wyn en tichte snie net fanelkoar te ûnderskieden.

‘Ik tink dat ik no net sûnder gids nei hûs ta kin,’ koe ik it net litte om út te roppen. ‘De paden sille wol al ûndersnijd wêze, en as dat net sa wie, dan soe ik amper ien stap foar mij út sjen kinne.’

‘Hareton, jei dy tolf skiep de koai yn. Dy reitsje aanst noch helendal ûndersnijd as se de hele nacht yn de jister bliuwe, en set der in planke foar,’ sei Heathcliff.

‘En ik dan?’ sei ik dêr noch achteroan, mei hieltyd grutter wurdende argewaasje.

Der kaam gjin antwurd op myn fraach, en doe’t ik om mij hinne seach wie dêr inkeld Joseph, mei in amerfol hjouwermout foar de hûnen, en frou Heathcliff dy’t oer it hurdfjoer hinne hong, en harsels fermakke mei it opbrânen fan in pakje lúsiefers dat fan de skoarstienmantel fallen wie doe’t se de teebus wer teplak sette. Doe’t de earste syn lêst delset hie, seach er yn de keamer skerp om him hinne, en hij sei mei kreakerige stim, ‘Ik kin mij net begripe hoest dêr sa stean kinst te loailakjen, en noch slimmer, wylst alle oaren nei bûten gongen binne! Mar bist in frommis fan niks, en praten hat gjin sin. Silst noait in kear dyn libben betterje, mar rjuchtstreeks nei de duvel gean, krekt as dyn mem foar dij.’

Ik miende even dat dat staaltsje wolsprekkendheid oan mij rjuchte wie, en ik kaam frijwat grimmitich op de âld smearlap ôf, mei de bedoeling om him de doar út te traapjen. Frou Heathcliff wie mij lykwols mei har antwurd foar.

‘Do ferrekte âld hypokryt,’ antwurde se. ‘Bist net bang dat de duvel dij bij de lurven pakt, alle kearen ast syn namme neamst? Ik warskôgje dij om mij net út te lokjen, of ik sil him as spesjale geunst freegje om dij mei te slepen! Ho! Sju’ hjir ris even, Joseph,’ gong se fierder en se griep in lang en smel donker boek fan in planke. ‘Ik sil dij even sjen litte hoefier’t ik al opsketten bin mei de Swarte Keunst: ik bin aanst gau safier dat ik mij dêr skoan mei rêde kin. Dy reade ko is net bij tafal deagongen, en dyn rimmetyk kin amper rekkene wurde bij de segeningen fan de Foarsjennichheid!’

‘Och, do sûndaar, do sûndaar!’ hime de âldman. ‘Dat de Heare ús rêde mei fan it kwea!’

‘Nee, ferdommeling do! Giest sels nei de ferdommenis – fuort do, of ik sil mei dij ôfweve! Ik sil jim allegear boetseare yn waaks en klaai! En de earste dy’t de streep oergiet dy’t ik lûke sil, dy sil ik – ik sis net wat ik dan mei har dwaan sil – mar, dat fernimme jim noch wol! Fuort, ik sjuch dij oan!’

Dy lytse heks bearde dat se mei har moaie eagen o sa gemeen seach, en Joseph naaide gau út, werklik bang, ûnderwilens biddend en roppend fan 'sûndaar'. Ik ûnderstelde dat se dat út in bitter soarte wille dien hie, en no't we wer allinne wienen besocht ik om *har* omtinken foar myn probleem te freegjen.

'Frou Heathcliff,' sei ik ernstich, 'jo moatte mij ferjaan dat ik jo lestich fal. Ik nim oan dat jo, mei sa'n gesicht, grif in goed hart hawwe. Tsjut mij asjoblyft in pear dingen oan dêr't ik om tinke moat om nei hûs gean te kinnen: ik haw gjin inkeld better idee hoe't ik dêr werkomme kin as jo ha soenen om yn Londen te kommen!'

'Itselde paad lâns as hjirhinne,' antwurde se, harsels mei in kers yn in stoel nesteljend, en it lange smelle boek iepen foar har. 'In koart advys, mar better soe ik net witte.'

'As jo dan hearre dat ik dea yn in sompe fûn bin of yn in djip gat fol snie, sil jo geweten dan net begjinne te flûsterjen dat jo dêr ek mei skuldich oan binne?'

'Hoe dat sa? Ik kin jo net begeliede. Se soenen mij net iens oan de ein fan it tûnmuorke ta gean litte.'

'Jo? Op sa'n jûn soe ik jo net iens freegje doare om foar mij de drompel oer te stappen,' rôp ik. 'Ik wol dat jo mij sizze wêr't ik lâns moat, net om mij it paad sels oan te wizen – of oars dat jo Heathcliff sa fier krije om mij in gids mei te jaan.'

'Wa dan? Dêr ha jo himsels, Earnshaw, Joseph en mijsels. Wa woenen jo dan?'

'Binne der dan gjin feinten op de pleats?'

'Nee. Mear binne der net.'

'Dan betsjut dat dat ik hjir wol bliuwe moat.'

'Dat moatte jo mar mei jo gasthear regelje. Ik ha dêr niks mei út te stean.'

'Ik hoopje mar dat dat foar jo in les wêze sil om yn dizze heuvels net samar op paad te gean,' rôp Heathcliff syn strange stim út de keuken wei. 'En wat hjir bliuwe oanbelanget, ik ha gjin ûnderdak foar gasten: jo moatte in bêd mei Hareton of Joseph dele, as jo dat dogge.'

'Ik kin wol op in stoel yn dizze keamer sliepe,' antwurde ik.

'Nee, nee! In frjemd is in frjemd, oft er no ryk of earm is. It past mij net om wa dan ek hjir frij omspane te litten, as *ik* dêr net op passe kin!' sei dy ûnfatsoenlike smycht.

Mei dy belediging kaam der in ein oan myn geduld. Ik sei dat ik no skjin myn nocht hie, en snjitte bij him lâns nei bûten ta, dêr't ik yn myn haast

Earnshaw tsjin it liif rûn. It wie no sa tsjuster dat ik net mear sjen koe wêr't ik lâns moast, en bij myn omdwalen hearde ik opnij in foarbyld fan hoe fatsoenlik se meielkoar omgongen. Yn it earstoan like de jongeman wol freonlik tsjin mij dwaan te wollen.

'Ik gean wol mei oan it hôf ta,' sei er.

'Dat dochst net, do smoarge bliksem!' rôp syn baas, of wat er ek mar fan him wie. 'En fertel mij ris, wa soarget dan foar de hynders?'

'It libben fan in minsk is belangriker as dat hjir ien jûn lang de hynders net fersoarge wurde: der moat toch ien mei,' mompele frou Heathcliff, freonliker as ik ferwachte hie.

'Net op dyn befe!' antwurde Hareton. 'Ast wat mei him ophast, dan kinst dij mar better stilhâlde.'

'Dan hoopje ik dat syn geast dij net mei rêst litte sil, en dat Heathcliff nooit wer in nije hierder fine sil oant de Lysterpleats in boufal wurden is,' klonk har feninich antwurd.

'Hear dat no ris, se ferflokt har!' mompele Joseph, dêr't ik no hinne swalke wie.

Dy hie mij hearre kinnen, dêr't er bij it ljocht fan in lantearne de kij sitten hie te melken. Dy lantearne skuorde ik him sûnder fierdere plichtplegingen út hannen, en roppend dat ik dy de oare deis wol weromstjoere soe stode ik op de earste de bêste bûtendoar ta.

'Baas, baas, hij hat de lantearne stellen,' raasde de âldman, en hij kaam mij achternei. 'Hee, Biter! Hee, hûn! Hee Wolf! Pak him, pak him!'

Doe't ik it doarke iepenluts fleagen twa hierrige meunsters mij nei de kiel, dat ik trûzele oer de grûn en it ljocht gong út, wylst in lûd laitsjen fan sawol Heathcliff as Hareton myn razernij en fernedering kompleet makken. Aldergeloks liken dy beesten der mear op út te wêzen om har poaten út te rekken en te gapjen en mei de sturt te giseljen as om mij libben op te fretten, mar se lieten mij net oereinkladderje en ik wie wol twongen om dêr lizzen te bliuwen oant it har har kwea-aardige bazen hage om mij te befrijen. Doe, sûnder hoed en triljend fan lilkens, moanne ik dy smjunten om mij nei bûten gean te litten – as sij mij noch ien minút dêr holden, dan swaaide der wat – mei noch ferskeidene oare wraaksuchtige en betiisde bedrigingen, dy't yn har ûneindige dwers-troch-alles-hinne poerlilkens wat fan Koaning Lear hienen.

Ik wie sa ôfgrylik fan 'e wize dat myn noas fûl begûn wie te blieden, wylst Heathcliff noch altyd stie te laitsjen en ik stie te skellen en te rachen. Ik wit net hoe't dat allegear ôfrûn wie, as der net ien west hie dy't wat reedliker wie as iksels, en wat goedaardiger as myn gasthear. Dat wie

Zillah, de gewante húshâldster, dy't lang om let opdaagjen kommen wie om út te finen watfoar wyld trelit dat no wie. Se tocht dat sommigen fan harren mij oanfallen hienen, en omdat se har baas net ôffalle doarst rjuchte se har fokale artillery op de jongere smycht.

'No, menear Earnshaw,' rôp se, 'ik freegje mij ôf wat jo no wer útheefd hawwe? Binne jo fan doel en fermoardzje minsken op ús eigen drompel? Ik sjuch it al, dit hûs sil ik mij noait thús yn fjille – sjuch dy earne jongeman no ris oan, dy smoart suver! Stil mar, hear – jo moatte net sa tekear gean. Kom deryn, en dan komt it wol wer goed. No dan, hâld jo mar stil.'

Mei dy wurden smiet se mij ynienen in bekerfol iiskâld wetter bij de hals yn, en luts se mij de keuken yn. Heathcliff rûn ús achternei, en syn koarte rite fan hilariteit eindige al gau yn syn wenstige noartskens.

Ik fjilde mij lang net goed, en duzelich, en swak, en moast dêrom wol in sliepplak ûnder syn dak akseptearre. Hij sei tsjin Zillah dat se mij in glês brandewyn jaan moast, en rûn dêrnei de húskeamer yn, wylst sij fanwege myn lestige sitewaasje begrutsjen mei mij hie. En nei syn opdracht útfierd te hawwen, wat mij wat opkwikt hie, brocht se mij nei myn sliepplak ta.

HAADSTIK III

Doe't se mij foargong de trep op rette se mij oan om de kers net sjen te litten en gjin lawaai te meitsjen, want har baas hie in nuver idee oer de keamer dêr't se mij hinne brocht, en stie noait út himsels ta dat dêr ien sliepte. Ik woe witte wêrom. Dat wist se net, antwurde se: se hie dêr noch mar sa'n twa jier west en der wienen safolle wûndere dingen gebeurde dat se der net oan begjinne koe om nijsgjirrich te wêzen.

Te ferbjistere om sels nijsgjirrich te wêzen die ik de doar ticht, en ik seach om mij hinne wêr't it bêd stie. It hele meubilêr bestie út in stoel, in kleankast, en in grut ikehouten gefal mei oan de boppekant fjouwerkante op koetsruten lykjende iepeningen. Ik rûn dêrhinne en seach nei binnen, en ûntdiek dat it in eigenaardige soarte fan sliepbank wie, heel handich ûntwurpen om te foarkommen dat elk lid fan de famylje syn eigen keamer ha moast. Dat wie feitlik in lyts keammerke, en de finsterbank fan it rût, dêr't it omhinne stie, tsjinne as taffeltsje.

Ik skode de panielen oan de sydkant oan de kant, gong mei myn ljocht nei binnen, en fjilde mij feilich foar de waaksumens fan Heathcliff en fan alle oaren.

De finsterbank, dêr't ik myn kers op plante, wienen yn de iene hoeke in stik as wat beskimmele boeken op steapele, en siet ûnder mei yn de ferve kraste wurden. Dat skriuwen bestie lykwols út neat oars as in namme, hieltyd herhelle yn alderlei soarten letters, lyts en smel – *Catherine Earnshaw*, hjir en dêr feroare yn *Catherine Heathcliff*, en dan wer yn *Catherine Linton*.

Ik leunde sleau en lusteloas mei de holle tsjin it rût, en lies hieltyd wer de wurden *Catherine Earnshaw – Heathcliff – Linton*, oant de eagen mij tichtfoelen, mar dy hienen noch gjin fiif minuten ticht west of der kaam út it tsjuster wei in skittering fan wite letters, sa libbendich as geastferskiningen – de loft bestie út klearbare Catherinen, en mijsels wekker skodzjend om dy opdringerige namme kwyt te wurden, fernaam ik dat de kous fan myn kers tsjin ien fan dy antike boekdelen oan hong en dat plak oan it parfumearen wie mei de rook fan roastere keallehûd.

Ik snute him, en lang net op myn gemak ûnder de ynfloed fan in klomske en noch net helendal ferdwûne mislikens kaam ik oerein en tearde ik it beskeadige boek op myn knibbel iepen. It wie in Nij Testamint, yn

lytse letter, en it rûkte ôfgrysluk muffich: op it skutblêd stie de ynskripsje *Catherine Earnshaw, har boek*, mei in datum, sa'n foech fearnsiuw lyn.

Ik klapte it ticht en pakte it iene nei it oare, oant ik alles besjoen hie. Catherine har bibleteek wie mar lyts, en de suterige steat dêrfan bewiisde dat dy goed brûkt west hie, hoewol net helendal sa't de bedoeling west hie: der wie amper ien haadstik dat ûntsnapt wie oan in kommentaar yn inkt en potlead – teminsten sa like it – dat elk wyt stikje dat de printer oerlitten hie folskreaun hie. Dêr stienen losse sinnen bij, mar der wienen ek stikken bij yn de foarm fan in gewoan deiboek, delkwattele yn in noch ûnfolwoeksen bernich hânskrift. Boppe-oan op in ekstra bledside (in echte skat, wierskynlik, doe't dy krekt ûntdutsen wie) fûn ik ta myn grutte wille in poerbêste karikatuer fan myn maat Joseph – yn grutte rûge halen mar wol o sa treflik sketst. Ik waard fuortdaalk nijsgjirrich nei dy ûnbekende Catherine, en ik begûn direkt har fergiele hieroglifen te ûntsiferjen.

'In freeslike snein,' sa begûn in alinea dêr ûnderoan. 'Ik woe wol dat heit der wer wie. Hindley is in mislikmeitsjende fersjanger – sa't er Heathcliff behandelt is ferskriklik – H. en ik wolle yn opstân komme – wij ha fan 'e jûn de earste stap al set.'

'It hat de hele dei reind dat it easde. We koenen net nei tsjerke, dat Joseph moast sa noadich yn it solderkeammerke in gemeente bijelkoar skarrelje, en wylst Hindley en syn frou hjirûnder lekker bij in noflik fjoer sieten – ik stean der foar yn dat se fan alles dienen behalve bibellêze – moasten Heathcliff, iksels en dy ûngelokkige boerefeint ús gebedeboek meinimme en nei boppen komme: wij waarden op in rynchje set, op in sek tarwe, kreunend en huverjend, en hoopjend dat Joseph dat ek dwaan soe, sadat er ús om himsels in koart preekje jaan soe. No, moai net! De tsjinst duorre presys trije oeren, en toch hie myn broer it lef om út te roppen, doe't er ús nei ûnderen kommen seach: 'Wat? No al klear?' Op sneintejûnen mochten wij altyd boartsje, as we gjin lawaai makken; no is even gychelje al genôch om ús yn de hoek stean te litten.'

'Jim ferjitte dat jim hjir in baas hawwe,' seit dy tyran. 'Ik raam de earste de bêste ynelkoar dy't mij lilck makket! Ik easkje hjir folsleine rêst en stilte. O jonkje, wiesto dat? Frances leave, skuor yn it foarbijrinnen even oan syn hier: ik hearde dat er mei syn fingers knipte.' Frances skuorde even flink oan syn hier, en gong doe bij har man op de knibbel sitten, en dêr sieten se dan, as twa berntsjes, oeren lang te tûtsjeboartsjen en ûnsin te eameljen – healwiis praat dêr't we ús oer skamje moatte soenen. Wij hienen ús sa smûk as mar koe weromlutsen ûnder de grutte kast. Ik hie